

## Doarp oan 'e beke

### Doarp oan 'e beke, do bist my leaf

Dyn grûn is foarme út iis en stiennen  
Tsientûz'nen lange jierren lyn  
De wyn bestode dyn keale flakte  
Troch rein, ûneinich, woeks it oan  
't Lân fan ûnbegeanber fean

### Doarp oan 'e beke, do bist my leaf

Nei iuwen ûnder stiltm' en sinne  
waard hjir berne it hege lân  
Mei fean, noch oeral deromhinne  
Mar heide, fjild en takomst lutsen  
Earmen en riken nei it sân

*Doe kamen kroech, fanfare en spiis  
Keunst, teater, merke en iis  
Sport en soargje foar in oar  
Feestfiere, sjonge mei elkoar*

### Doarp oan 'e beke, do bist my leaf

Âld Beets, fan beke komt dyn namme  
Ea in doarp fan grut gewicht  
Yn tiid dyn weardichheid betard  
Sill' w' ús oarsprong nea ferjitte  
De Sweach naam oer dyn kein gesicht

### Doarp oan 'e beke, do bist my leaf

Myn Sweach, do herberch fan ferhalen  
Oer ûnheil en oer nocht,  
Earmoed, tarring, pronk en adel  
Wurkers, streupers en notab'len  
Do doarp fan ûnlyk en fan rjocht

*Mar ek fan kroech, fanfare en spiis  
Keunst, teater, merke en iis  
Sport en soargje foar in oar  
Feestfiere, sjonge mei elkoar*

### Doarp oan 'e beke, do bist my leaf

Myn doarp, do bist in griene pearle  
En de Nije Boarn it snoer  
Myn dagen wol 'k mei dy ferkeare  
'k Wol hjir wurkje, boartsje, libje  
Folop genietsje yn 'e natoer

### Doarp oan 'e beke

#### Do bist my leaf

Doarp oan 'e beke myn moai  
Beetstersweach (2x)

### Doarp oan 'e beke myn moai

Beetstersweach